

N.R. Arhammar e.o. (eds.): Miscellanea Frisica. In nije bondel Fryske stúdzjes. Assen: Van Gorcum, 1984. Fryske Akademy nr. 634

Soms liket it wol dat de frisistyk fan 'e iene feestbondel* nei de oare bokselet. Diskear wie perfester H.T.J. Miedema oan bar, dy't simmer 1984 ôfskied naam as bysûnder heechleraar Frysk oan 'e universiteit fan Utert. It is ûnder de fiifkoppige redaksje fan N.R. Arhammar, Ph. H. Breuker, F. Dam, A. Dykstra en T.J. Steenmeijer-Wielenga in mânsk boek wurden dat troch Van Gorcum yn Assen kreas útjûn is.

Lykas wenst by ditsoarte fan útjeften wurde de bydragen fan de huldebringers foarôfgong troch in biografy fan de jubilaris. Miedema sels, dy't meastentiids foar dit soort putsjes frege wurdt, koe no fansels net yn 'e be-neaming komme, dat no hat syn eardere kollega bysûnder heechleraar Galama dermei ret. Mear as in oaninoar riigjen fan 'e wichtichste data út Miedema syn libbensrin en syn bibliografy is dat lykwols net wurden. It subjektive elemint hat Galama him net oan weage, en krekt dat kin in biografy sa nijsgjirrich meitsje. Dingen as it plak fan Miedema yn 'e frisistyk en de filology yn it algemien, betsjutting en wearde fan syn wurk, de ynfloeden dy't er ûndergong hat, ynfloed dy't er op oaren hân hat, in ferklearring dêrfan, ensfh., hawwe kwealik of hielendal gjin oandacht krige. Galama hat oantsjut wat Miedema dien hat, mar in fyzje op man en wurk hat er him de fingers net oan brând. Twa ûntskuldigings soe men dêr oars wol foar betinke kinne: in gearfetsjende fyzje freget nochal wat

* Omdat dit besprek ornearre is foar in taalkundich tydskrift, wurdt allinnich omtinken jûn oan 'e taalkundige parten fan 'e bondel. De haadferantwurdlikens foar it skift "Noardseegermaansk en Aldfrysk" leit by Willem Visser, dy foar "Dialektology en Etymology" en "Namme-kunde" by Jarich Hoekstra en dy foar "Nijfrysk en Algemeene Taalkunde" by Siebren Dyk.

mear as it op in rychje setten fan 'e feiten, en Miedema sels hat syn biografy en ek altyd yn dizze trant skreaun.

Ofdieling A

Yn ôfdieling A binne 7 artikels gearbrocht oer "Noardsee-germaansk en Aldfrysk".

Hans F. Nielsen giet nei watfoar lûden de runen yn 'e ûnbeklamme syllaben fan 'e Fryske rune-ynskripsjes foar stean kinne en wat dy ús sizze kinne oer it systeem fan bûgingsútgingen yn it alderâldste Frysk. Alle 17 ynskripsjes dy't wol Frysk neamd wurde, kin er ta syn doel net brûke en hy ferantwurdet wêrom net. Tige hoeden hifket Nielsen de mooglikheden, rekonstruearret de mooglike ûntjouwingen yn it (proto)Aldfrysk, faak mei ferwizingen nei de oare Aldgermaanske dialekten, en komt sa ta beredearre hypotezen dêr't de begripen analogy en "merger" (gearfal) in grutte rol yn spylje. En mear kin ek net ferwachte wurde op dit tsjustere mêd.

Dat lêste jildt ek foar it ûnderwerp dat Wolfgang Laur by de kop nimt, nammentlik oft de namme "Ingweoansk" wol sa gaadlik is foar in taalgroep, omdat dy oarspronklik op in germaanske stam slacht. Mei de romte fan hypotezen oer it komôf fan 'e germaanske stammen, de germaanske goade-wrâld en mei feiten oer runen wol Laur oannimlik meitsje dat de Ingweoanen net (allinnich) yn 'e gebieten wenne hawwe dêr't Ingweoansk praat waard. Hy is foarsichtich yn syn konklúzjes en hâldt wol slaggen om 'e earmtakke. It measte fan wat er seit, bliuwt hypotetysk, mar hy is wol sa wis dat er derby bliuwt dat yn 'e taalwittenskip de term "Ingweoansk" better mijsd wurde kin, wat er wol oannimlik makket.

Tette Hofstra syn artikel hat mar sydlings mei it (Ald)frysk te krijen en giet oer westgermaanske lienwurden yn it Eastseefinsk. Hy breidet allegear besteande literatuer oaninoar en der sit mar in hiel lyts bytsje eigen ûndersyk yn. De útstelde etymology fan Aldfrysk "cona" (mei de betsjutting 'beamotterfel') krijt wat mear fêstichheid.

Florus van der Rhee wiist der yn syn artikel mei rjocht op dat it Aldfrysk yn 'e ferlykjende grammatika's fan 'e Aldgermaanske dialekten mar in bytsje omtinken krijt en dat soks spitich is. Hy wol de betsjutting fan

it Aldfrysk foar de ferlykjende germaanske taalwittenskip sjen litte oan 'e hân fan it fokaalsysteem. Wat er lykwols docht, is oars net as guon lûdferoaringen omsette yn t.g.-fonologyske regels en dêr wat kommintaar by jaan. Sokke regels bylkje wol wakker, mar wat ferhelderje jo dermei? Lit ús in pear ris wat better besjen. Regel (2) is dy fan 'e saneamde "Tonerhöhung". Dêrby giet it om in /a/ yn in sletten wurdlied yn ienwurdliedige wurden dy't ta /ɛ/ "ferhege" wurdt. Van der Rhee foeget yn syn regel twa prosessen gear dêr't men jin fan ôffreegje moat oft se gearfoege wurde kinne. In wurd as "slêpa" liket dêr net by te hearren: dêr ha jo in foarbyld fan in Aldgermaanske e^1 dy't yn it Aldingelsk en it Aldfrysk oer /ā/ wer ta /ē/ wurden is, en dat is wol wat oars as Tonerhöhung. Regel (3), dy fan 'e Ersatzdehnung, kin better sa formulearre wurde:

$$\begin{array}{ccc} [+syll] & [+nas] & \begin{bmatrix} -syll \\ +kont \end{bmatrix} \\ 1 & 2 & 3 \end{array} \Rightarrow \begin{array}{c} [+syll] \\ [+lang] \end{array} 3$$

dus as in kontraksjeregel, omdat dan better werjûn wurdt wat der te rêden west hat. Sjoch foar it begryp kontraksjeregel bygelyks Mieke Trommelen & Wim Zonneveld, Inleiding in de generatieve fonologie, Muiderberg (1979:70-72). It seit himsels dat in regel lykas (3) der nea west hat en dat feilich in tuskenstadium mei in nasalearre (rutsen) fokaal oannommen wurde mei. Regel (4) jout wol oan dat de ûntjowwing fan Germaansk *eu ta Aldfrysk -iu- ôfhong fan i of j yn it neikommende wurdlied, mar net dat de oergong fan *eu ta -ia- ôfhong fan a, e, o yn it neikommende wurdlied. Yn regel (6) moat de twadde pylk troch in lizzende streek ferfongen wurde. Dy regel kin nea werjaan wat him foardien hat, de saneamde Aldfryske brekking, en soe der better sa útsjen kinne:

$$\begin{bmatrix} +syll \\ +foar \\ +heech \end{bmatrix} \longrightarrow \begin{bmatrix} +syll \\ +foar \\ +heech \end{bmatrix} \begin{bmatrix} +syll \\ -foar \\ +heech \end{bmatrix} / \text{ kontekst}$$

Mar nochris: wat kinne jo mei sokke regels? It wol jin net oan dat de betsjutting fan it Aldfrysk foar de âld-

germanistyk dermei yllustrearre wurdt, dan sil der al wat oars mei it Aldfrysk dien wurde moatte.

In wichtige, prinsipiële en ek polemyske bydrage hat B. Sjölin levere oer de opbou fan it Aldfrysk ûnder deselde titel as in artikel fan syn hân út 1966 dêr't nochal wat reaksjes op kommen binne. Hy giet wiidweidich op 'e krytyk yn. It wichtichste ferskil mei de "tsjinstanners" liket te wêzen dat Sjölin mei "Aldfrysk" allinnich op in korpus fan teksten doelt, wat neffens him ek al min oars kin, omdat der gjin teory is oer de ferhâlding skrift - lûding, dat jo kinne ûnmooglik út it grafematyske systeem wei wat sizze oer it fonologyske. Dat is tige prinsipiël en konsekwint sein, mar yn 'e praktyk liket dêr min mei te wurkjen. Sjölin wol komme ta in typology fan 'e Aldfryske teksten en in útspraak oer it Aldfrysk net besjen as ien oer in tongslach. Hy slút ôf mei konklúzjes en opjeften foar takomstich ûndersyk. De bydrage is tagelyk ek in moai oersjoch fan 'e eardere diskusje.

T.L. Markey wol neigean wêr't -g- yn Aldfrysk "si(u)gun" en "ni(u)gun", Aldsaksysk en Aldingelsk "nigun", Middelheechdútsk "neg(h)en" (allegearre Noard-seegermaansk) wei komt. Hy komt mei in opsionele distribúsjeregel dy't derfoar soarget dat yn *Ci_qun de bilabiale q ta -g- wurdt. It Aldfryske "si(u)gun" bliuwt der like apart om. Markey hie winliks ek eefkes omtinken jaan moatten oan Aldfrysk "pagus" neist "pawes" en "progia" neist "pr_wia". En de nijfryske wurden "skôgje" en "kôgje" geane tebek op Germaanske foarmen mei -w- ("skôgje" is yn it Aldfrysk neffens Von Richthofen: skawia, skowia, schoia, skua), dat dêr hat mooglik ek wol in soarte fan dissimilaasje west. Markey besjocht de saak yn in breed ramt; hy beargumintearret en ferantwurdet syn stappen, mar alles op dit mêd bliuwt spekulatyf.

In dreech/deeglik artikel hat Dietrich Hofmann skreaun oer it Aldfryske wurdpear "flêta" en "fleia/fleina". Hy komt der net út oft jo by de tredde persoan iental "flait" no in tiidwurd *flêma of *fleia/fleina oannimme moatte; it earste soe wize op mear Noarsk/Skandinaafske ynfloed, it twadde op mear kontinintaalgermaanske. Mar dêr sit it Aldfrysk neffens him altyd tusken yn en hat dêr krekt syn eigen plak troch.

Oebele Vries as lêste hat in knappe bydrage levere

dêr't er yn neigiet hokker formulen yn it Aldfrysk brûkt waarden om de ûneinichheid yn 'e tiid oan te jaan, yn hokker sitewaasje dy brûkt waarden en yn hokker tiidrek. De bekendste formule is, oerset: sa lang as de wyn fan 'e wolkenk waait.

Gearfetsjend kin sein wurde dat dizze ôfdieling stikken befettet, op dy fan Van der Rhee en Hofstra nei, dy't in oanwinst foar de frisistyk binne.

Ofdieling B

Yn ôfdieling B binne artikels opnommen dy't op it mêd fan 'e "Dialektology en Etymology" lizze. De stikken yn B binne frijwat ûngelyk fan aard en deugd. Men fynt der in foar dialektologen en oaren tige nuttige bibliografy fan Hynljipper teksten fan G. Blom, dúdlike gelegenheidsflarderijen fan Weijnen en Berns, stikken fan wat wy sûnder kwea bedoelen mar taalkundige hobbyisten neame sille, nammentlik Fon Wearinga en Kramer, en twa mear "profesjonele" etymologyske stúdzjes fan Roelandts en Århammar.

De artikels fan Weijnen en Berns hite, as wie it sa ôfpraat, "Fries in Holland" en "Fries in de Taalatlas". En wêr't men by sokke titels al in bytsje bang foar is, komt ek út: de beide mannen gean der hiel lichtsjes oerhinne.

A. Weijnen set yn "Fries in Holland" in rûfeltsje (Noard-)Hollânsk - Fryske parallellen byinoar dy't in oanwizing wêze kinne soenen foar in Frysk substraat yn it Hollânsk. Hy docht dat troch foarbylden út oarmans wurk oaninoar te skriuwen. Syn eigen bydrage bestiet út in stik of tsien leksikale oerienkomsten dy't er sa't it liket by it ienkear trochblêdzjen fan Boekenoogen tsjinkommen is. Oer it wichtige probleem wat men no einliks mei "Fries" bedoelt, at men oer "Fries in Holland" praat, flinteret Weijnen fleurich hinne. Benammen by de leksikale oerienkomsten freget men jin ôf oft dy allegear perfoarst op substraat wize moatte en oft men (ek) net oan (jongere) ûntliening tinke mei. Gâns oerienkomsten binne nammers nochal twifelich. Beguffelje 'ferrifelje' en gieling 'giele sykte' dy't sa't it skynt Westfryske wjergaders ha, binne yn it W.F.T.-materiaal hapaksen (biguffelje komt ien kear foar yn Halbertsma syn Lexicon Frisicum A-FEER en gieling berêst op ien mûnlinge opjefte). By

Westfrysk oerelen 'moarrelje, fimelje' ferwiist Boeken-oogen nei in Frysk oârelje dat lykwols net yn ien Frysk wurdboek werom te finen is. Oare oerienkomsten binne net eksklusyf. Saansk bestaan en Frysk bestean yn 'e betsjutting fan aard fynt men bygelyks ek sa yn it Twintsk. Fansels binne der by 't soad nijsgjirrige parallellen tusken (Noard-)Hollânsk en Frysk om in ferlykjend ûndersyk te rjuchtfeardigjen. In systematysk ûndersyk, net in skeet mei in feesthuodsje.

J.B. Berns fertelt oer it Fryske oanpart yn 'e Taalatlas voor Noord- en Zuid-Nederland (sûnt 1981: Taalatlas van het Nederlands en het Fries) en men moat nei it lêzen fan syn stikje konkludearje dat dêr in leaf libytsje oer te fertellen is. Om oan syn ferhaal dochs noch wat sjeu te jaan, wurdt de frijwat ûndúdlike krityk fan Y. Poortinga op 'e Taalatlas (yn stelling IV fan dy syn proefskrift) nochal oanset en bestriden mei in kriich dy't jin Don Quijote en de wynmûnen yn 't sin bringt.

P. Kramer behannelet yn syn Bydrage "Seeltersk Weer, Wâarf, Wârfte, Woarsene" in stikmannich Sealterlânske lânnammen. It artikel, dat yn it Sealterlânsk skreaun is, komt jin hecht en deeglik oan.

Dat kin net earlik sein wurde fan "The Frisian pronoun si" fan Juw fon Wearinga. De skriuwer, bekend fan syn teory dat de Aldsaksyske Heliand fan Frysk komôf wêze soe, mient dat er yn it persoanlik foarnamwurd si dat yn in part fan 'e Wâlden brûkt wurdt, in oanwizing fûn hat foar in ûnderstelde Frysk-Saksyske sibskip. Fon Wearinga wol der op út dat si gearhingje soe mei Aldsaksysk siu, sie en farianten en dat si fanâlds de wâldfoarm foar it pronomen tredde persoan meartal en inkeltdal froulik west ha soe. De klaaifoarm soe dan hju, hja west ha en dy soe si yn 'e Wâlden foar in part ferkrongen ha, wylst op 'e Klaai sels hju, hja út it stee keard is troch sij, se.

Fon Wearinga syn konstruksje is klearebare fantasterij. De streekrijchte wjergader fan Aldsaksysk siu, sie en farianten soe yn it Frysk net si wêze, mar *sju (of de feralgemiene akkusatyffoarm *sja). Mar wy binne it Aldsaksysk hielendal net brek by it ferklearjen fan si yn in part fan 'e Wâlden. It Aldfrysk hie al de klitika -se en -s; se komt yn guon jongere Aldwestfryske teksten foar as tredde persoan meartal yn proklize en kin in i kri-

gen hawwe nei analogy fan 'e persoanlike foarnamwurden hi en wi. Mar nei alle gedachten hoege wy net iens sa-fier tebek. J.J. Hof, Friesche Dialectgeographie (1933: 188) seit fan si: "dit schijnt een jonge, opkomende vorm". At dat sa is, dan is de "ienfâldige" ferklearring foar si grif dat it ûntstien is ûnder ynfloed fan 'e s-pronomina fan 'e oanbuorjende dialekten of it Hollânsk en/of út it klityske se dat hyltyd nêst hja/hju foarkomt (sjoch Teake Hoekema: "Fan taal en tongslach5. (h)j-pronomina en har enklityske komponint". Yn: Us Wurk (1984), 91-95); de [i] fan si is dan wer te tankjen oan hi en wi. De dialektologyske feiten dy't Fon Wearinga bybringt om sjen te litten dat si ienris de algemiene foarm west hat yn 'e Wâlden, kinne likegoed en better tsjin him brûkt wurde; se wize út dat in opkommend si oan 'e gong is om it lêste hju, hja-bolwurk yn it Frysk (Hynljippen en de eilannen efkes net meiteld) te ûnderwrotten.

De aardichste stikken yn ôfdieling B binne Roelandts en Ârhammar harres. K. Roelandts makket hiel oannimlik dat Frysk boai (boike(man); poai(man), po(a)ike; poalle (man), poalke, -tsje; poarre(man), poarke), Ingelsk boy en Midhollânsk boye ûntstien binne út "broer(ke)" as flaaainamme foar in jonkje, benammen yn fokatyffunksje. Syn dochs al wiidweidich matriaal kin oars foar it Frysk noch oanfolle wurde mei bûke(man) dat in wjergader hat yn Brabânsk buke.

N. Ârhammar jout yn "Die Lerche (Alauda) im Friesischen etc." in oersjuch en etymologysk besprek fan 'e wurden foar "ljurk" yn it hiele Fryske taalgebiet. Hy ûnderskaat foarmen mei en sûnder assibilearring. De lêsten binne allegear ûntliend oan 'e buortalen. Sa soe Nijfrysk ljurk ûntliend wêze oan Midhollânsk lêwerik, wylst bygeliks Skiermûntseagersk lerts en Hynljippersk lorts op it oarspronklike Aldwestfryske *lertze mei assibilearring tebek gean soenen. Ârhammar syn teory dat ljurk út it Hollânsk komt is wol oannimlik, mar wat jin minder oan wol is de beskriuwing fan de lûdûntjouwing yn dat wurd.

Ârhammar postulearret twa Aldwestfryske grûnfoarmen sûnder assibilearring, nammentlik *liouwerk en *liûrk. De foarm mei /jɔu/ soe neffens him oerlevere wêze yn liourck (Burmania-sprekwurden nû. 256). Der is lykwols net folle reden en ynterpretearje <iou> yn liourck as

/j̥u/; men fynt <(i)ou> yn 'e Burmania-sprekwurden nammentlik ek op plakken dêr't /j̥u/ útsletten liket, bygelyks fiour 'fjoer' (nû. 304), tour 'toer' (nû. 316), oure 'oer de' (nû. 753), ourseck 'oarsaak' (nû. 135), hous 'hûs' (nû. 409), ouxe 'okse' (nû. 181). Dat it kin neffens ús mei ien grûnfoarm *liûrk wol ta, foar 't neist mei in koarte /u/ foar de konsonantkloft -rk. Århammar sjucht de ûntjouwing fan syn *liûrk ta ljurk lykas hjirnei komt: de û palatalisearret ta /y.ə/, /y.ə/ wurdt ferkoarte ta /y/ en /y/ wurdt ta /ö/. Århammar wol Ljuerck by Gysbert Japicx opfetsje as /ljy.ərk/, mar sa't oan 'e rimmen bliken docht (sjoch A. Feitsma: De autografemen bij Gysbert Japicx, (1974: 338; 371-2)) leit de konklúzje dat G.J. <jue> (allinnich mar) as /jy.ə/ ynterpretearre wurde moat net fuort yn 'e reden.

Wy soenen, útgeande fan in grûnfoarm *liûrk, in alternative ôflieding útstelle wolle. Ierâldwestfrysk /j̥u:/ wurdt Aldwestfrysk /j̥o:/ wurdt /j̥u.ə/; /j̥u.ə/ bliuwt yn it Nijfrysk bewarre (djoer, tsjoene, Sjoerd) of wurdt palatalisearre ta /jy.ə/ yn in neier te beskieden omkriete (nuet, ûnhuer, Ruerd). Foar ferkoartsjende konsonantkloften stie njonken /j̥u:/ nei alle gedachten /j̥u/. /j̥u/ koe bewarre bliuwe (tsjûk, bedjûpt), mar gong yn 'e measte gefallen yn it Aldwestfrysk oer nei /j̥o/. /j̥o/ bliuwt yn it Nijfrysk of it wurdt ta /j̥ö/ (rjocht, wjok; rjucht, wjuk, djurder, Sjurdsje). De krekte details kinne yn it ramt fan dit besprek net jûn wurde. Ien en oar soe lykwols nei ús betinken foar ljurk de neikommende ôflieding betsjutte: /ljurk/ wurdt /lj̥ork/ wurdt ljurk. Twadde ûnderskreaune wöl yn ien fan 'e kommende nûmers fan TFT de ûntjouwing fan Aldwestfrysk /j̥o(:)/ yn it Nijfrysk nochris yngeander besjen.

Ofdieling C: "Nijfrysk en Algemiene Taalkunde"

Krine Boelens ferliket de hjoeddeiske brekking yn it doarp Hallum mei dy fan hûndert jier lyn, oan 'e hân fan 'e eigenoanrette stavering yn it sneinsskoallematriaal fan Frederike fan Hallum. Wichtichste útkomst is dat benammen de typyske noardeastlike brekking (bygelyks yn hie [hjI], wienen [vjInɿ], doe [dɔɔ], bûten [bɔɔtɿ]) nochal wat belies jûn hat. Boelens hâldt út, Frederike soe har foar har stavering yn it foarste plak liede litten ha

troch de doetiidske regeling fan De Vries en Te Winkel foar it Hollânsk, en at se dêr net mei útkaam, joech se sa goed sa kwea de lûden sa't se yn Hallum foarkamen streekrjocht wer. Sa stavere se it twilûd [aj] as ai (wain, mai) en as ei (sei). Neffens Boelens soe ek nei op it konto fan De Vries en Te Winkel komme. Dat no liket ús wat al te sterk, omt it Hollânsk yn naar in nochal ôfwikende klank hat. Mar de stavering nei kin ús al bringe op noch in tredde boarne fan beynfloeding, nammentlik de skriftlike Fryske tradysje. Boelens neamt dy net, al hied er der miskien op fertocht wêze moatten, want hy hellet oan dat Frderike yn 1878 yn in brief oan Colmjon skriuwt dat se it net iens is mei Waling Dykstra syn stavering leaf. Mei oare wurden: Frederike wie wis wol op 'e hichte mei in Fryske staveringstradysje. No waard ek yn 'e 19de ieu yn 'e Fryske stavering de brekking lang net altyd oanjûn. De mooglikheid bestiet dus dat Frederike dêr hjir en dêr fan te lijen hân hat, en dat dus de brekking fierder tebek rûn wêze kin as dat Boelens oanjout.

Op it artikel fan Anne Dykstra oer de bûging fan de stoflike adjektiven op -en hopet earste ûnderskreaune letter apart werom te kommen. Hjir kin al fêst sein wurde dat nei ús betinken Dykstra it ferskynsel net ginneralysearjend genôch beskreaun hat, en dat der faaks wol in ferklearring te betinken is foar de fariabelens fan de regel en it tebekrinnen derfan.

Jan Popkema syn stik oer de seleksje fan it helptiidwurd foar it ôfslutend mulwurd fan wêze hat metoadysk wol wat fan Dykstra sines. Hy hat ek de grammatika's en wurdboekapparaten, en dêrby yn dit gefal ek noch útslaggen fan dialektenkêtes, derby helle om út te figelearjen oft it yn it Frysk no is west of hat west is. De noarm hat west neamt Popkema op koesterjende toan ien fan 'e syntaktyske ferskillen mei it Hollânsk (s. 193), mar dat liket ús oerdreaun ta; it ferskil is earder leksikaal as dat it wat mei de sinbou te krijen hat. Risseltaat fan it ûndersyk is dat der net folle regel yn 'e distribúsje fan it helptiidwurd sit. Dêrom is it nammerste spitiger dat de skriuwer in beskate regelmjittigens dy't er al suggerearret (de ferhâlding mei de ôfstân yn 'e sin tusken helptiidwurd en mulwurd) hielendal net útsocht hat. Oer in mooglike oarsaak fan dy regelmjittigens wurde wy oars

ek neat gewaar.

De wichtichste útkomst fan it artikel liket de konsta-tearring dat sa 't liket de taal dêr't in dialektenkête yn steld is nochal wat ynfloed ha kin op 'e útslach. Oars sille de yndied frij grutte ferskillen yn 'e risseltaten fan 'e dialektenkête fan Amsterdam en dy fan Boelens en Van der Woude har Dialectatlas van Friesland (1955) min te ferklearjen wêze. Miskien hat in ferskil yn 'e direktens fan 'e oanbieding fan 'e fragen (skriftlik foar mûnling oer) ek ynfloed hân.

Dat de taal fan 'e ûnderfreger ynfloed ha kin op 'e antwurden fan 'e ûnderfrege persoan liket ek sa'n bytsje de útkomst te wêzen fan Jo Daan har bydrage oer "Code-wisseling en de oorzaken ervan", al komt dy konklúzje jin al wat oer 't mad, as der earder yn it stik hielendal net op yngong is. Har freonlik fertelde kausery liket fierders net folle nijs yn te hawwen.

Mar wat ús yn dizze ôfdieling noch it meast ôffoel wie de bydrage fan K.F. van der Veen oer "Frekwinsjeûndersyk fan it Frysk". It begjint al yn 'e argumintaasje. Van der Veen wol mei de nije taaldatabank fan 'e Fryske Akademy ek oan frekwinsjeûndersyk dwaan. Dêrfoar is it nedich dat de samling teksten dy't yn 'e bank ynfierd wurde sil, represintatyf is (wêrfoar seit Van der Veen der net by, men nimt oan foar in abstraksje as it Frysk). Om ta in represintative samling te kommen, wol er earst de goede en minne eigenskippen fan in besteand korpus teksten, it sa-neamde trochsneedapparaat fan 'e Fryske Akademy, ûndersykje. Dat docht er dan troch de 197 meast frekwinte wurden fan dat apparaat te ferlykjen mei de 197 meast frekwinte wurden fan it korpus B út Woordfrequenties fan Uit den Boogaart (red.) (Utrecht, 1975), dêr't er fan oannimt dat dat àl represintatyf is.

Ferliking fan 'e beide listen smyt "in grutte mjitte fan oerienkomst" (s. 214) op. Yn it ljocht fan boppesteande soe men ferwachtsje dat Van der Veen konkludearje soe dat it trochsneedapparaat moai represintatyf is en dat dus de seleksjekritearia dy't dêr yndertiid foar gouwen aardich yn oarder west hawwe. Mar ynstee fan dy yn 'e reden lizzende konklúzje komt er mei wat ûnferwachts: omdat der no ienris taalferskillen besteane tusken it Nederlânsk en it Frysk, kinne jo oer de betrouberens fan 'e

Fryske seleksje neat sizze. Mar dat fan dy taalferskillen hie Van der Veen dochs yn it foar ek wol betinke kind? Al syn gemjit en gesifer hat dus sa te sjen foar syn doel om 'e nocht west.

Mar dy konklúzje lûkt Van der Veen ek net: "it ûndersyk hat wol út bliken dien dat it besteande korpus dochs op ferskillende punten tekoarten hat". Fanwegen it taalferskil soed er dêr fansels al hielendal neat mear oer sizze kinne, mar boppedat, yn it hiele artikel is net te finen wat dy tekoarten dan binne, lit stean wêr't se dan út blike moatte. Mar mei dy tekoarten falt it dan sa 't skynt ek wol wer in slach ta, want op deselde side (215) stiet dan ek wer: "sjoen de oerienkomst fan de Fryske list en de beide listen foar it Nederlânsk liket it my tige wierskynlik ta, dat men foar de heechfrekwinte wurden ferwachtsje mei, dat dy yn oare serieuze seleksjes skreaun Frysk ek globaal heechfrekwint wêze sille en dat de rangnûmering foar de measte wurden net al te grutte ferskowingen sjen lit". Wêr't dy ferwachting op basearre is, wurdt der net by sein. Mar at er wier is, dan hat it opsetten fan nije seleksjes foar frekwinsjeûndersyk ek gjin inkeld doel; it besteande korpus kin it him ommers wol dwaan. Hat Van der Veen earst troch syn opmerking oer it taalferskil syn ûndersyk oerstallich makke, no skopt er sels syn úteinlike doelstelling foar it opsetten fan in nij korpus foar frekwinsjeûndersyk de fuotten ûnder it gat wei.

Kin men by de argumintaasje yn it artikel nochal wat fraachtekens sette, der binne mear spoaren fan sa 't liket al te grutte hastigens of rûgens te finen. Sa seit de auteur yn paragraaf 1 dat er it begryp "wurd" even oantsjutte sil, mar at dat stykjen bliuwt by "de problematyk om it begryp wurd komt yn 'e literatuer wiidweidich te praat. In wier befredigjende definysje is der net", dan is dat sa foar de lêzer ek net botte befredigjend, foaral net as er dan fleurich fierder giet mei it begryp "absolute frekwinsje" dêr 't er dêrfoar ek al mei oan 'e gong wie. Sa'n nuvere brek yn 'e behandeling fan in beskaat tema komt ek foar by de foaral technyske paragrafen 3 en 5, dy't better yn ien paragraaf behannele wurde kind hiene en boppedat no faninoar skaat wurde troch de frekwinsjelist fan paragraaf 4. Wat soartgelikens komt foar

op s. 213-214, dêr't it besprek fan 'e Nederlânske B-list ynienen trije alineas ûnderbrutsen wurdt mei de útkomsten fan 'e Fryske frekwinsjelist. Dy besteane ûnderoaren út in soarte fan semantyske yndieling fan 'e haadwurden fan 'e list, dêr't nammers fierderop yn it ferhaal neat mei dien wurdt en dêr't men it belang eins ek net fan ynsjocht. Miskien moat in filosoof dêr mar ris oer gear, of Jappy Noordmans.

Mar der binne noch wol mear dingen ûndúdlik. Wy wize hjir noch op s. 211 dêr't it getal 1,5 sûnder ek mar in grisseltsje útlis út 'e loft fallen komt, en op 'e siden 207-208 dêr't yn 'e behanneling fan it kompleks wurdtype-wurdteken wol wat mear foarbylden brûkt wurde mochten. Op oare plakken jout Van der Veen dy foarbylden wol, mar dan wer yn in fuotnoat. Mei it feit dat ek yn ienfâldich en koart te beskriuwen saken fierstentefolle ferwiisd wurdt nei oare literatuer, en troch de hjir en dêr nochal hoekige styl, makket dat, dat de lêsberebers fan it stik net oerhâldt.

Pieter Breuker set yn "Oer it lienen fan bûne morfemen út it Hollânsk yn it westerlauwerske Frysk" syn ferskillen fan ynsjoch mei A. Feitsma oer dat ûnderwerp nochris op in rykje, en it wol net by jin wei dat dy ferskillen troch him nochal opblaasd wurde. Dat hat syn djiptepunt op s. 225 dêr't de auteur al wurdsjegûcheljend beswier makket tsjin 'e term "útwreiding", omdat dy net in proses mar in produkt beskriuwe soe. "Feroaring" soe wol goed wêze. Wa't hjir in wêzentlik ferskil sjocht, mei it sizze. Beide termen binne ommers op dat stik fan saken ambigu. Ut Feitsma har sitaten, sa't se troch Breuker jûn wurde, kinne jo oars net helje dat dy it lienen fan bûne morfemen prinsipiëel ôfwiist, wol dat dat pas yn in let stadium bart. Der soe eink ûndersocht wurde moatte hoe't it lienen by in yndividuele taalbrûker yn 'e rin fan 'e tiid krekt yn syn wurken giet. Op in lêzing okkerdeis holden foar it Taalkundich Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy hat Breuker yndied syn ûndersyk dy kant út ferskood. It is te hoopjen dat de risseltaten en de ynterpretaasje dêrfan meikoarten publisearre wurde sille.

Breuker syn wurkhypoteze: "de hjoeddeiske relaasje tusken it Frysk en it Hollânsk is sa, dat by elke feroaring yn it Frysk alderearst oan Hollânske ynfloed tocht

wurde moat" (s. 223) is oars dogmatyskernôch. Guon foarbylden fan morfologyske feroarings dy't de auteur neamt kinne ek likegoed út ynterne oarsaken wei (bygelyks regelferienfâldiging) ferklearre wurde. Boppedat sit der wat sirkulêrs yn: earst út 'e observaasje dat de regelferoarings geane yn 'e rjochting fan it Hollânske systeem wei konkludearje dat de ynfloed fan it Hollânsk op it Frysk wol tige sterk wêze moat, en dan út dy grutte ynfloed wei oannimme dat de regels dêrom yn dy rjochting feroarje.

As lêste yn dizze ôfdieling besiket Henk Bloemhoff yn in slim nei te kommen artikel de natuerlike ginnerative fonology ûnderstek te dwaan oan 'e hân fan in folchoarderparadoks yn it Stellingwerfsk. Krusiaal dêrby binne de út klitisearring ûntstiene diftongen yn 'e paradigma's fan fiif tiidwurden dy't net meidogge oan in ferwidingsregel. Bloemhoff konkludearret dêrút dat beide de regeltypology en de oarderingshypoteze fan 'e NGF net doge. De evidinsje foar dy fiergeande konklúzjes liket lykwols al wat meager. Sa't al sein is, is er basearre op mar fiif foarbylden, en dat binne boppedat klitisearringsferskynsels en dy hâlde en drage har yn it algemien wol faker wat nuver. Boppedat soe troch tapassing fan 'e ferwidingsregel it paradigma fan 'e oanbelangjende tiidwurden fersteurd wurde, en dus soe sa wichtige morfologyske ynformaasje ferlern gean. Wy tinke dan ek dat Hooper/Bybee fan Bloemhoff syn tsjinfoarbyld net fuortendaliks wekker lizze sil.

Guon stikken út it stik "Nammekunde" binne foar taallju faaks ek noch nijsgjirrich.

Maurits Gyseling besjucht wat neffens him de âldste (foargermaanske) nammen fan Fryslân binne. Spitigernôch is syn artikel net folle mear as in list fan etymologyen. Men soe krekt by ditsoarte fan ûndersyk minlike graach wat witte wolle oer de ûnderlizzende teory, oer de methodology dy't folge wurdt en hoe't ien en oar de fantasije, dy't fansels nochal wat bod krije kin at de feiten krapper wurde, yn 'e stokken hâlde moat.

D.A. Tamminga behannelet de etymology fan Hynljippen. De âlde etymologyen dy't it earste part fan dy namme ferklearje woenen út hine 'wyfkehart', smyt er fier fuort. Hy wol foar it earste part leaver útgean fan 'e wetter-

plantenamme hean en it twadde part fan 'e namme soe nef-
fens him gearhingje kinne mei Aldfrysk hlêp 'loop, rin'.
Hynljippen soe dan oarspronklik 'wetterrin mei heannen'
betsjut ha. Benammen de ferbining fan Hyn- út Hinda-
(Hindalo^p, 8ste ieu; Hindahle^{pen}, 14de ieu) mei hean hat
lykwols kwealik eigenskip. Wylst de ôflieding út hine yn
alle gefallen lûdwettich oannimlik is, is Tamminga syn
útstel dat hynoftenei net.

Ta beslút kinne noch neamd wurde it artikel fan H.A.
Huisman oer de plaknamme Rottefal(le), Rattenval(le),
fan W.T. Beetstra oer skiednis en namme fan it Jolderen-
bosk (Beetstra fersmyt Miedema syn ferklearring 'elze-
bosk') en fan Ulf Timmerman oer de persoansnammen Swen
en Swein yn Noard-Fryslân.

At wy it hear nochris oersjogge, moat ús konklúzje wêze
dat ôfdieling A it bêste is. It nivo fan B is wakker ûn-
gelyk en dat fan C teloarstellend. At de artikels yn C re-
presentatyf wêze soene, dan soe men tinke moatte dat de
Nijfryske taalkunde noch altyd yn in ynventarisearjend
stadium sit sûnder dat de beoefeners har bot bekroadzje
om ferklearring of teory. Miskien moat hjir in útsûnde-
ring makke wurde foar dat fan Breuker, en yn alle gefal-
len foar dat fan Bloemhoff. Mar dy skriuwt dan ek oer it
Stellingwerfsk.

SIEBREN DYK
JARICH HOEKSTRA
WILLEM VISSER